

Mûnlinge fraach ried 19 desimber

Ferljochting fytspaad P.W. Janssenwei Jobbegea

It fytspaad lâns de P.W. Janssenwei yn Jobbegea is foar in grut part fan de ynwenners fan Jobbegea en Hoarnstersweach de belangrykste fytsrûte nei de sportfjilden. Sawol fan ôf de Skoatterlânske dyk as fan ôf de Tredde Slûs. De rûte leit yn it saneamde bûtengebiet en dêrom is der net folle ferljochting.

Al jierren lang wurdt der op gearkomsten fan Pleatslik Belang Jobbegea- Hoarnstersweach klage oer it ûntbrekken fan goeie ferljochting lâns dit fytspaad. It ûntbrekken fan goeie ferljochting jout neffens de brûkers, dy't jûns gebrûk meitsje fan dizze rute, in ûnfeilich gefoel. Dit die ek wer bliken op de ledegearkomste fan Pleatslik Belang yn novimber.

Yn it ferline is besocht om mei fluoriseariende strepen foar in oplossing te sykjen. Dit is net slagge. De FNP hat hjiroer yn april fan dit jier ek al fragen stelt. It antwurd fan it kolleezje wie doe dat der op koarte termyn ûndersyk dien wurde soe nei it oanbringen fan in alternative oplossing. Yn dit ûndersyk soe ek de tapassing fan enerzjysunige ferljochting belutsen wurde.

Mar oant no ta is der noch neat bart en ek koe of woe it kolleezje hjir op de gearkomst fan Pleatslik Belang gjin antwurd op jaan. De bewenners fan Jobbegea en Hoarnstersweach ha no harren nocht en wolle op koarte termyn in oplossing.

Hjir ha se neffens de FNP ek rjocht op en se kinne net langer oan it lyntsje holden wurde mei antwurden sa as earder troch it kolleezje jûn is. Ek ha de brûkers op dit stuit gjin boadskip oan de syktocht nei doarsummens mar stiet it gefoel fan feiligens by de Kompenijsters op it earste plak.

Neffens de FNP hat it no ek lang genôch duorre en is de tiid fan it sykjen nei oplossingen foarby. It is neffens de FNP no tiid om mei plannen te kommen foar mear lantearnepeallen mei goeie ferljochting lâns dizze rûte.

We hawwe hjiroer dan ek de folgjende fraach..

Wannear komt it kolleezje mei in oplossing foar it ûntbrekken fan goeie ferljochting lâns de P.W. Janssenwei yn Jobbegea..

Ate Eijer